

Lysbeth

nei in ferhaal fan Waling Dijkstra skreaun foar in doarpsrevu fan Eastermar

by it doarp Eastermar stie in âld boerepleats Am E7 Am Dm
yn 't smûk skaadzjend grien fan de wâlden E7 Dm Am E7
dêr wenne in boer mei syn âldste soan Am E7 Am Dm
en in faam om it hûs skjîn te hâlden E7 A

hja frijde mei Sipke, in earm boerefeint
dy't oer trouwen al gau prakkesearre
mar hja hie gjin nocht oan 'n earmoedich bestean
en Sipke is fan langstme krepearre

kearsang:

har namme wie Lysbeth, in pracht fan in wiif A E7 A D
hja song de hiele dei lang E7 A (E7)
hja lake foar twa en hja skrepte foar fiif A E7 A D
en wie foar de duvel net bang E7 A

it wie 't oare jier op de âldejiersjûn
doe soe hja nei 't hok om wat brânje
mar 't wie heislikst min waar en har lamp waaide út
dat hja gie gau werom nei de mânlju

de mânlju dy laken: hoe ha wy it no
bist bang dat der spoeken binne
mar Lysbeth sei: nee, ik bin wier net benaud
ik doar noch wol oeral hinne

kearsang:

Asto net benaud bist, dan wol 'k wolris sjen
datst nei Sipke syn grêf ta gieste
en stek dizze stôk dêr dan stiif yn de grûn
dan kin ik moarn sjen datst der wieste

hja gie nei it tsjerkhôf en plante de stôk
op it grêf dêr't har Sipke no rêste,
mar doe joech hja in gjalp, want hja kaam net mear los
it grêf dat hâlde har fêst

kearsang:

de oare moarns fûnen de boer en syn soan
har op it tsjerkhôf al hielendal ferklomme
de stôk dy stiek dwers troch har klean yn 'e grûn
dus koe hja fan't stee net mear komme

yn 'e hûs kaam hja by mei wat brandewyn
mar hja hat nea wer wurke of lake
it ferstân wie hja kwyt, har geast wie no blyn
en dat wie ús Sipke syn wrake!

kearsang: